



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

April 2021

Beste leden,

At je sels noch gjin Bêd & Brochje folders hiene, hat okkerdeis in bestjoerslid bij jo del west om in steapeltsje nije griene folders te bringen (of der is krekt in ôfspraak mei jo makke). Mei foar wa't dat winske in pak B&B-servetten. En foar wa't stypje koe: in steapeltsje ekstra folders, om ôf te jaan bij de VVV of in Toeristysk ynfopunt bij jo yn de buurt.

Yndied, mei in nij seizoen foar de doar timmerje wij graach oan de dyk! Jo wierskynlik ek, want mei tank oan jo ynspanningen ha wij in tal nije leden ynskriuwe kinnen. Ek sij binne mear as ree om gasten te ûntfangen.

Om de ynteresse fan toeristen dy't 'eat' yn Fryslân boeke wolle te lûken en fêst te hâlden, ha wij de webside alfêst in opfrisbeurt jûn.

Sjoch meikoarten foaral sels ek ris bij ús Side: www.bedenbrochje.nl. Dan sjogge je op 'Home' net allinnich de kar 'kaart – lijst - contact' mar ek in nije knop: '**Kom der yn**'. Under dy knop stiet boppe-oan in diashow mei ús nijste B&B's, op dit stuit 3 stiks en der binne noch 2 ûnderweis! Dêrûnder stiet ús hiele galerij oan leden. Ja, ek jo B&B. Gasten kinne no dus ek op in oantreklik plaatsje klikke fan de B&B dy't har it meast oansprekt. Miskien is dat dy fan jo! Dêrnjonken bliuwt it mooglik fia de kaart nei in beskaat plak te sykjen, of fia de list op karakteristiken of wat foar de gast mar wichtich is.

Us doel is in langere fotogalerij en dêrfoar klopje wij ek bij jo oan. Miskien binne yn jo buurt nije B&B's kommen, of miskien kinne jo minsken yn jo omjouwing of yn Fryslân dy't in B&B oerwege. Fertel har dan graach oer ús feriening. At je ynteresse bespeure, jou dan har namme, adres en/of telefoannûmer oan ús troch. Dan nimme wij kontakt mei har op.

Alfêst tank foar jo aksje. Wij hoopje fan herten dat wij earne yn 2021 wer allegearre bij elkoar komme meie. Ta beslút winskje wij jim in goed en ynspirearjend toerisme-seizoen ta!

Mei kollegiale groetnis fan jo bestjoer,
Baukje Miedema, Alie Rusch, Dieuwke Visser, Melle & Lutske Wijma